



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein 5 juny 2011

Oan it begjin

Yn in aardich folle tsjerke hjit âlderlinge Geartsje van der Meer ús wolkom, yn it bysûnder frou Coby Boesenkool út Zimbabwe, suster fan frou Reitsma - Boesenkool fan de Jacob Algerasingel.

Yn dizze tsjinst sille 3 nije amtsdragers



befêstige wurde, 2 amtsdragers wurde werbefêstige wylst 5 amtsdragers út it amt losmakke wurde. As iepeningsliet sjonge wy it lonaliet: *"Nim my, nim my sa't ik bin"* (oerset troch Atze Bosch).

Na de groet, bemoediging en drempelgebed zingen wij Psalm 139, de verzen 1, 7 en 8:

"Heer die mij ziet zoals ik ben".

Bernenjonkentsjinst

Der is in ploechje fan sân bern foar de bernenjonkentsjinst. Ds. Terlouw toant har in



kleurplaat mei de ôfbylding fan in jonge yn in fuotbalshirt. Ien fan de bern is der wis fan: dit is it shirt fan AC Milan! Op in oare plaat sit de jonge de hiele dei yn in

fiver nei it spiegelbyld fan himsels te sjen. De

bern binne it mei elkoar iens, datst' dêr net better fan wurdst. Op wer in oare plaat hâldt de jonge in lamke yn syn earmen. En sa te sjen hat hy it seare poatsje fan it bist ferbûn. De jonge is net langer mei himsels dwaande mar betsjut wat foar in oar. Fan dat momint ôf feroaret hy. Dizze jonge yn syn AC Milanshirt hat wol wat fan Jezus. En asto ek foar immen oars soargest, likesto dus ek in bytsje op Jezus.

Hjirop geane de bern de tsjerke út nei de Fikarij.

Wy lêze mei elkoar it ferhaal út Johannes 10, de ferzen 11 – 16: Ik bin de goede Hoeder.



Preek:

"Ik bin allinne mar ynhierd". Minsken dy't dat sizze fiele harren net ferantwurdlik. It giet harren allinne mar om de sinten. Hoe oars is it mei de Hoeder. Jezus seit: "Ik kin myn skiep, hja kinne my." In hoeder yn de tiid fan Jezus wie hiel oars as in hoeder hjoed de dei. De lêste kinne wy bygelyks fan Drinte, as in toeristyske attraksje op de heide. Yn Jezus tiid wie it wurk fan in hoeder in hurd bestean, men moast fjochtsje foar syn libben en dat fan de bisten. Jezus wol dat wy hoeder foar de oar binne. As Jezus seit: "Ik bin de goede Hoeder", dan doelt hy ek op Abraham, Izaäk, Jakob en fansels ek op Moazes, dy't syn folk troch de woestyn liede. De "hoeder" is der foar oare minsken. Jezus ropt wrok op as hy seit: "Ik bin de goede Hoeder", mar hy is trou oan dy ropping, sels as men him oan it krús slacht. Foar God binne alle minsken weardefol. Hy rjocht minsken op, set se wer op de fuotten. "Ik kin myn skiep", wol sizze: ik hear harren, harkje nei harren, nim har serieus. It ferhaal fan de Goede hoeder is fan âlds ferbûn oan de amtsdragers. Minsken, dy't each hawwe foar in oar, dy't ús bringe op it plak dêr't wy Gods stim hearre kinne.

Skaaimerik fan it hoederskip is "it omsjen nei". Dizze tiid hat ferlet fan minsken dy't hoeder wêze wolle. Wês in goede hoeder, ek foar minsken dy't net mear opdaagjen komme. Haw each foar harren, krekt as God each hat foar ús.

Amen.

Nei de preek wurdt Psalm 23: "Myn hoeder is de Heare God" songen.

Tsjinst fan de befêstiging

Jelle de Jong, Anne de Haan, Sake en Mieke Mink nimme ôfskied as wykâlderling, Reinder Bouma en Germ van Lune as âlderling-tsjerkerintmaster.

By dit ôfskied seit de foargonger ûnder mear:
*Wy litte jimme gean en sizze jimme tank
 foar de oertsjûging, de ynset en de leafde
 dêr't jimme jim tsjinst yn de tsjerke fan Kristus
 mei folbrocht ha.*

Wat bliuwt, is de bining mei it amt, dêr't alles



*wat jim yn
 betrouwen te
 witten jûn is
 yn bewarre
 bliuwe sil, ek
 nei jim ôfskied.*
 Under applaus
 nimme de
 ôftreden
 amtsdragers

harren plak yn de gemeente wer yn.

Dan wurde de oankommende amtsdragers presintearre: Corry Brouwer as wykâlderling,



Rein Hellinga en Jan Sybren de Jong as âlderling-tsjerkerintmaster.
 De âlderlinge fan tsjinst dielt mei dat der gjin beswieren ynbrocht binne,

dat men is weardich om yn it amt befêstige te wurden, dêr't de tsjerke fan Kristus har ta roppen hat.

Ds. Terlouw lêst 1 Kor. 12: 4-6, 1 Petr 4: 10 en Hann. 20: 28.

Foardat de nije minsken yn it amt befêstige wurde, lizze de amtsdragers dy't har wurk fuortsette – Martje Meijers as wykâlderling en Hinke Meindersma – dêrfoar de gelofte ôf.


En dan fynt de befêstiging fan de nije amtsdragers plak. Hja beânderje de fragen fan de foargonger, wêrnei't de foargonger harren ien foar ien de hannen opleit.

De gemeente bekrêftiget har ynstimming mei applaus.



"Bak der wat fan!"

De bern binne al wêr in skoftke werom yn tsjerke en hawwe in kadootsje meibrocht foar de âlde en nije amtsdragers. Foar de nije amtsdragers is der in pak bakmoal, in garde en bakleppels ûnder it motto: "Bak der wat fan". De ôftreden minsken wurde ek ferblide mei in bakleppel, want "dy hawwe der hiel wat fan bakt". Ek de foargonger krijt bakmoal en bakleppels want: "ds. Terlouw bakt der altyd wat fan!"



Blommen

De blommen geane nei mefrou Coby Boesenkool. It blomstik is makke troch Lieuwkje van Lune.

Tsjinst fan it Dielen

1^e kollekte: eigen gemeentewurk

2^e kollekte: tsjerke

Tankbea en foarbea

Yn de gebeden wurdt de slimme sitewaasje fan Ben Nauta opdroegen oan God. Alle gebeden komme gear yn it "Us Heit", dat we mei elkoar bidde.

Seine



Oan de ein fan de tsjinst ûntfange wy de seine fan de Hear.

Hân drukke en kofje drinke

Nei de tsjinst kin elkenien de ótredende, herbeneamde en nij beneamde amtsdragers de hân drukke...

En der is kofje en tee mei wat derby....



Meiwurkers

Foargonger:

ds. Adri Terlouw,
Dronryp

Oargelist:

Klaske Deinum

Lieding bernenjonken-
tsjinst:

Sietske Visser en
Sietske Foekje de Vries

Koster:

Jannie Smids

Alderling fan tsjinst:

Geartsje van der Meer

2^e âlderling:

Arie Dol

Diakens:

Gjalt Lindeboom Tjitske
Visser.

De 'bakkers en de skinkers'...